

Nei de top

Seis ferhalen oer ferneamde Friezen

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 057 1

1e druk 2018

© 2018, Jelle Bangma, Paul van Dijk, Lida Dykstra, Elske Kampen,
Douwe Kootstra, Janny van der Molen

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8901 AA Ljouwert

Telefoan: 058 - 289 48 57

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

Ofbylding omslach: Anne Draaisma, Grendel Games

De ferhalen yn dizze bondel binne yn opdracht skreaun foar it LêsNo-projekt, in lêsbefoarderingsprojekt foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. It tema fan LêsNo2018 is 'Royal Frisians' en makket diel út fan KH2018.

It LêsNo-projekt, dat mei mooglik makke is troch de Stichting Lezen en de provinsje Fryslân, is in gearwurkingsprojekt fan Bibliotheekservice Fryslân, it Cedin, de Afûk en útjouwerij Elikser.

De ferhalen slute oan by de game US: Lân fan Taal, ûntwikkele troch Grendel Games, yn gearwurking mei de Afûk en de Fryske Academy. US: Lân fan Taal is in game oer de stêd Ljouwert, dy'tst op dyn smartphone spylje kinst. Slagget it dy om de kontrôle oer Ljouwert te krijen en dêrmei it geheim te ûntraffellen?

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the publisher.

Nei de top

Seis ferhalen oer ferneamde Friezen

Jelle Bangma

Paul van Dijk

Lida Dykstra

Elske Kampen

Douwe Kootstra

Janny van der Molen



Ynhâld

Nei de top – Douwe Kootstra	7
De flinter – Elske Kampen	15
De dochter fan Mata-Hari – Lida Dykstra	23
De Helm – Paul van Dijk	31
Eise Eisinga en ik – Janny van der Molen	39
De krantejonge – Jelle Bangma	47
Oer it libben fan de seis ferneamde Friezen	57

Nei de top

Douwe Kootstra

‘Mem?’

‘Mem!!’

‘Ja Lisa, ik hear dy wol, hoechst net sa te razen. Wêr bist eins?’

‘Ik stean op de oerloop.’

Mem komt de keuken út en sjocht nei boppen.

‘Wat is der sa dringend? Hast dyn húswurk al klear?’

‘Dat is it ’em krekt. Heit moat my helpe mei wiskunde. Ik snap der niks mear fan.’

‘Kin ik dat net even dwaan?’ freget mem.

Lisa suchtet.

‘Nee. Doe’t ik mem de lêste kear frege, sei mem ommers dat ús kat mear ferstân fan wiskunde hat. Of wie dat in grapke soms.’

Mem gniist wat.

‘Wol in bytsje. Mar as ik earlik bin, heit is dêr folle better yn.’

Lisa komt de trep ôf, rint daliks troch nei it oanrjocht en hellet in finger troch it beslach fan de cake.

‘Mmm, lekker.’

Mem docht gau in stap nei foaren.

‘Ho! Net mear. Ofbliuwe!’

‘Hoe let is heit thús?’

‘Dat ha ik dy al twa kear ferteld, Lisa. Hy komt let thús, want hy sit de hiele jûn yn it Abe Lenstra Stadion.’

‘Ah ja!’ ropt Lisa. ‘No wit ik it wer, de topper Heerenveen - Vitesse. Is buorman Harry ek mei?’

Mem knikt en seit:

‘En ik sil it dy sterker fertelle: syn dochter is hjoed ek fan ‘e partij.’

Lisa leit fan ferbazing de banaan del dêr’t se krekt de skyl ôfhelje soe.

‘Watte? Sit Anna jûn ek op de tribune?’

‘Ja, hast even wat mist seker. Anna sit al in pear wike op fuotbaljen.’

Lisa wit fan ferbazing even net mear wat se sizze moat.

Mem wol.

‘Moatst mar ris op YouTube sjen. Dêr stiet al in filmke op fan de earste training fan de froulju fan Blau Wyt. Se ha no acht famkes dy’t meidogge. Noch even en se ha in echt alvetal.’

Lisa kin wer prate en freget:

‘Mar, mar ... hoe kin dat sa hurd? Anna wie toch altyd in fanatyk kuorbalster?’

Mem skoot it cakeblik foarsichtich yn de oven.

‘It komt troch it sukses fan it Nederlâns frouljuselftal, de Oranjevrouwen. Dy binne yn 2017 Europees kampioen wurden. Dat witst dochs noch wol?’

Buorman hat my lêsten ferteld dat Anna dat skitterend fûn. Se hat alle wedstriden sjoen. En it hat even duorre, mar no is it safier. Anna is fan kuorbal oerstapt op fuotbal, by Blau Wyt.’

Lisa is drok oan 'e gong mei har smartphone.

‘Dêr hat se my hielendal niks fan ferteld, dy trut. Ik stjoer har daliks in appke. Is de wedstryd al begûn?’

‘Hoe let is 't? En moatst har net útskelle, want ik tink dat se it as in soart ferrassing foar dy bedoeld hie.’

‘Hm, rare ferrassing,’ is Lisa har reaksje.

De oare deis hat Lisa har húswurk foar wiskunde noch lang net klear. Dat kin har diskear neat skele, want se is drok mei Facebook. Se hat hieltyd kontakt mei Anna, dy't op in oare skoalle sit.

Jûns is heit wer op de gewoane tiid by de itersstafel. Nasy! Hoera! Lisa is dêr gek op, mar diskear praat se mear as dat se yt.

‘Heit, hoe wie it yn it Gabe Lenstra Stadion?’

Heit lit syn leppel even boppe it heal lege board sweve. Hy sjocht har strak oan.

‘Is dat in grapke, Lisa? Gabe Lenstra?’

Lisa laket wat ûnseker.

‘Nee, mar dat wie toch in bekende fuotballer?’

‘Ja,’ knikt heit, ‘dat wie in hiele beroemde Fries, mar Lisa, dy hjitte Abe Lenstra. Abe mei in aaa!’

‘O, sorry, dat wist ik net.’

Heit skodhollet.

‘Dêr bisto miskien noch te jong foar. Abe Lenstra hat yn syn hiele karriêre sa'n sânhûndert doelpunten makke. De measten foar syn club Hearrenfean. Hy wie minstens sa goed as Johan Crujff.’

No lit Lisa de leppel even boppe de nasy hingje.

‘Wau! Sânhûndert goals! Da’s in protte! Binne dêr ek filmkes fan?’

Heit knikt. Hy wiist mei de leppel nei Lisa har smartphone, dy’t altyd njonken har board leit.

‘Nee! No net, straks!’

Nei it iten seit Lisa dat se even nei Anna giet. Dêr bliuwt se skoften.

As se wer thús is, sit heit foar it Journaal. Lisa wit dat se dan better net steure kin. Sa gau’t de waarman útpaat is, ploft se njonken heit op de bank.

‘Heit, mei ik ek in kear mei nei it Abe Lenstra Stadion?’

Heit sjocht har mei grutte eagen oan.

‘Wat sille we no beleve? Do nei it fuotbaljen? Witst wol dat sa’n wedstryd twa kear trije kertier duorret? Da’s hiel lang.’

‘Doch net sa flau, fansels wit ik dat wol,’ antwurdet Lisa eigenwiis. ‘Anna fertelde dat it dêr hiel leuk wie, krekt as dat fuotbaljen by Blau Wyt. Se nimt my trouwens in kear mei nei in training. Dêr ha ’k sin oan.’

‘No, ik fal hast fan de bank fan ferbazing,’ laket heit en hy docht krekt as sil er falle. Reade poes Boris skrikt dêrfan en makket dat er fuortkomt.

Fjouwer wike letter is it safier. Op in kâlde tiisdeitejûn stiet Lisa by ien fan de trainingsfjilden fan Blau Wyt. Omdat it in bytsje reint, hat de heit fan Anna harren brocht mei de auto. Lisa har húswurk wie diskear okee. Nee, net foar wiskunde of